



De Doarpsskille

Juny 161 Nûmer 3/ 2013
Trijentritichste Jiergong

Redaksje:

Baudy Cuperus-Sijtsma
Grienewei 34
Tel. 242048
baudycuperus@knid.nl

Dieta Holwerda
(Lay-out)
Langgrousterwei 12
Tel. 242212
dieta@knid.nl

Pieter Hoogland
De Lyts Ein 37
Tel. 241284
info@hooglandverhuur.nl

Tineke Slager-Groenewoud
(Administraasje)
De Lyts Ein 2
Tel. 242020
doarpsskille@hotmail.com

Anneke Weidenaar-
Bergema
(Boargerlike Stân)
Langgrousterwei 23
Tel. 242148
anneke.weidenaar@gmail.com

Sytze Wiersma
Mounewei 8
Tel. 241783
wiersmagsm@knid.nl

Bank: Rabobank
Rek.nr.: 3461.40.293

Yn dizze skille û.o.:

Ferslaggen fan: Biljertferiening, UDI,
Brassbengels,
Doarpsbelang,
Roptaboys
Koersbal
Keninginnedei

In ferhaal... De tas fan Beitske

In ferhaal... Us Anna Muoi

In foto út it argyf

25 jier ferlyn yn de skille en fansels de
Boargerlike Stân

Fan 'e redaksje

Op de lêste snaren.

Noch in wike en dan is it safier. Dan kinne wy it feest yn. De feestkommisje is al in goed jier dwaande mei de tariedings. De bands, it programma en soksawat moatte fier fan te foaren fêstlein wurde.

Dat is oars op guon buertferieningen. Ik krij yn ús doarp wolris it idee dat buerten hiel let begjinne mei de weinen en buertfersieringen. Wat dat oangiet binne Nijsjerksters wol wat as in dieselmotor. Dy moatte ek wat op gong komme.. -->

Der binne ek oaren, de jeugd fan Nijtsjerk bygelyks. Al maanden wurdt der flink bout oan de weinen. It moat wat bysunders wurde is my fertelt, de houthandel hat goed saken dien.

Ek it opjaan fan weinen en auto's foar de optocht kaam dreech op gong. Mar in pear wiken ferlyn stie de tillefoan yn "huize Themmen" in pear jûnen read te gloeien. Buerten, famyljes en freonen hiene op it lêst noch betocht dat se ek graach mei dwaan woenen en dus kin Easternijtsjerk nije wike sjen litte dat we wer in hiele stoet weinen mei feestgongers ha. We hawwe wat dat oengiet wol in bytsje in reputaasje heech te hâlden fansels.

By de redaksje fan de skille is it faak net oars. De redaksjeleden en skriuwers witte krekt wannear se harren kopij foar de nije skille ynleverje moatte, mar wurkje faak op de deadline. De lêste dei moat it stikje dan noch skreaun en ynlevere wurde. De ynspiraasje moat der soms ek eefkes wêze en as it moat dan is it der. En it komt altyd wer klear. In soad lêswille tawinske.

Dieta Holwerda (mei dûbele pet)

Wy binne stipe troch:

Buertferienings:

Buorfinne (2013)

Bollingawier (2012)

Lêzers om útiens

W. Sijtsma, Mitselwier

A.C. Bouwman, Nes

J.M. Kingma, Grijskerk

J.H. Hoekstra, Grevenbroich, Dútslân

Tige tank foar jim bydragen.

TSG



BOARGERLIKE STAN



HONNEKE HOLWERDA-DIJKSTRA is op 28 maart yn 'e âldens fan 60 jier ferstoarn.
't Oogh 4

EELKJE LINTHOF-KLIJNSTRA is op 15 april yn 'e âldens fan 81 jier ferstoarn.
De Skûle Mitselwier

PIETSJE WEIDENAAR-POSTMA is op 9 maaie yn 'e âldens fan 92 jier ferstoarn.
De Skûle Mitselwier (De Buorren 18)

BERTENIJS

MIRTHE famke fan Michel en Jantine Kerkhof
suske fan Arjan
berne 15 maart, Doktersfiif 8

FENNA famke fan Taede en Aukje Weidenaar
suske fan Hidde
berne 31 maart, Buorfinne 7

MILO jonkje fan Berend Krol en Ytsje Sijens
broerke fan Danniël
berne 19 maaie, Nijbuorren 6

HOULIKSSAKEN

JELLE WEIDENAAR is op 26 april troud mei *Tsjitske Margreet*. Jelle is ek ferhuze, hy wennet no mei Tsjitske en har beide bern *Nathan en Naomi* yn Dokkum, De Skries 11. Jelle wenne oan de Langgrousterwei 8a.

HARM & YPIE DIJKSTRA wiene 25 maart **30 jier** troud.
Mûnewei 16

JAAP & HENNIE VAN DER WAGEN-HIEMSTRA wiene 27 april **35 jier**
troud. Ropsterwei 8

HENDRIK & AKKE VAN DER WAGEN-WALDA wiene 2 maaie **50 jier**
troud. De Buorfinne 2

GUUS & ALI KORVING wiene 9 maaie **50 jier** troud.
Langgrousterwei 18

ANDRIES & ANNA BROUWER-HANSMA wiene 12 maaie **60 jier** troud.
Grienewei 46

RENSE & JOKE CUPERUS-FENNEMA wiene 2 juny **25 jier** troud.
Bollingwier 5

SJOERD EN FOKJE KLOOSTRA wiene 10 juny **25 jier** troud.
Langgrousterwei 34

GEERT & GRIET DE GRAAF-JONGELING wiene 18 juny **50 jier** troud.
Grienewei 31

LJIBBE & JANNIE WEIDENAAR-JONGELING wiene 30 juny **35 jier**
troud. Mûnewei 6

FERHUZERIJ

DOUWE EN SJAAN HOEKSTRA binne ferhuze fan de Langgrousterwei
58 nei de Langgrousterwei 37.

NIJE BEWENNERS

MARCEL WIJTSMA & EVERDINA WOULDMAN binne de nije
bewenners fan de Nijbuorren 1. Marcel wenne noch by syn heit op de
Langgrousterwei 39. Everdina komt fan Dokkum.

FROUKJE HELDER hat har nei wenjen set op de Doktersfiif 2. Sy wennet dêr mei har soantsje *SIEMEN SIETSE* fan oardel jier. Sy komme fan Dokkum.

Anneke

Mochten jim nijs hawwe foar dizze rubryk, belje of mail my dan efkes, it is sa maklik en jo hoege de doar der net foar út (info op side 1). In briefke yn 'e brievebus mei ek fansels.



VERENIGING
VOOR DORPSBELANGEN
OOSTERNIJKERK

Avondvierdaagse

De avondvierdaagse is dit jaar gehouden van 13 t/m 17 mei jl. Er is gewandeld op de maandag, dinsdag en donderdag en vrijdag. We hadden dit zo georganiseerd, omdat dit jaar, eerder dan gebruikelijk, het schoolreisje op woensdag werd gehouden.

We hadden wat minder deelnemers dan de afgelopen jaren. Dit zal o.a. wel komen doordat velen al druk bezig waren met de voorbereidingen voor het dorpsfeest, nemen wij aan.

Er hebben 77 mensen 4 avonden meegelopen waaronder 14 personen de 10 km. Op vrijdagavond hebben nog eens 29 mensen extra meegelopen waaronder 24 kleuters.

Op de donderdagavond was het bar slecht weer. Het heeft van start tot finish geregend. Dit mocht de echte bikkels echter niet deren. Bijna iedereen verscheen deze avond aan de start en ging ervoor. Weer of geen weer.

Op vrijdagavond werden de wandelaars traditiegetrouw opgehaald door de drumband. Hartelijk dank daarvoor.

We hebben een verzoek gekregen van de Afuk om het nieuwe cursusaanbod te promoten. De Afuk organiseert cursussen "Frysk" en zou graag een cursus in onze regio willen geven. Het cursusaanbod staat op www.afuk.nl. U kunt Fries leren in groepsverband of thuis online. Voor informatie: ynfo@afuk.nl of 058-2343070.

Koninklijke onderscheiding Reinder Tolsma

Zoals u misschien al in de Dockumer Courant heeft gelezen heeft Reinder Tolsma een koninklijke onderscheiding ontvangen. Deze onderscheiding is aangevraagd door het Dorpsbelang en mede ondersteund door de redactie van de Doarpsskille en de redactie van de Sneuper. Reinder heeft de onderscheiding gekregen voor het oprichten en jarenlang actief redactielid zijn van de Doarpsskille, voor zijn redactiewerkzaamheden voor de Sneuper, voor het doen van onderzoek naar de historie van Oosternijkerk en haar inwoners en het schrijven van boeken over Oosternijkerk, het Samen op Weg proces, 125 jaar Kristlik Underwiis en het boek ter ere van het jubileum van UDI. Reinder, deze onderscheiding is een blijk van waardering en heel erg verdiend. Van harte gefeliciteerd!

NAM boringen

Het wegdek aan de Ald Tún heeft schade geleden door het NAM verkeer. In overleg met de NAM heeft de gemeente besloten om een deel van de Ald Tun te herstraten en even verderop een deel van het slechte asfalt te vervangen.

Het besluit van de minister voor extra boringen van de NAM heeft nogal wat stof doen opwaaien. Wij hebben als dorpsbelang geen directe invloed op dit proces. Maar we kunnen ons wel laten informeren over de activiteiten van de NAM. Wij hebben daarom met een aantal dorpsbelangen aangegeven geïnformeerd te willen worden. Naar aanleiding van ons verzoek zijn we door de NAM en de gemeente uitgenodigd voor een bijeenkomst in september. De NAM wil op deze bijeenkomst antwoord geven op vragen over bijv. de bodemdaling, de rijroutes en de landschappelijke inpassing.

Fietspad / brug over de Paesens

Het is ons bekend dat het fietspad weer erg vies was dit voorjaar. Dit punt is weer op de ledenvergadering naar voren gekomen, maar ook



daarna hebben inwoners ons hierover benaderd. Wij hebben dit doorspeeld aan de gemeente en de gemeente is hier momenteel mee bezig.

We kunnen u eindelijk informeren dat de brug over de Paesens verlaagd is en dat het fietspad vanaf de brug naar Nes aangelegd wordt. Dit is inmiddels aanbesteed.

Dorpsfeest

Zoals u in de feestgids heeft kunnen lezen is het programma voor het dorpsfeest gewijzigd op de donderdag avond. Er was helaas te weinig animo voor Oosternijkerk 's Got Talent. Jammer want volgens ons heeft Oosternijkerk heel veel talent. 6 weken voor het feest hebben we nog naar een andere invulling voor deze avond moeten zoeken. En dat viel niet mee. We zijn daarom heel blij dat de heren van Klún en Knoffelhakke hun nieuwe Fryske Kabaret programma "Hé Buorman" komende donderdag voor ons gaan spelen.

Dieta Holwerda, Dorpsbelang



Brassband UDI

Yn dizze Skille wer in lyts stikje nijs fan ús muzykferiening UDI. Eins falt er diskear net sa'n soad te fertellen. Wy had de ôfrûne tiid allinnich mar oan it repetearjen west op in mannich nije stikjes. Dat nimt net wei dat er dochs wol wat te belibjen is by ús korps.

Rinskje Braaksma sit no op 'e earste euphonium, it plak op it hoekje wêr't Jaap Bergema altyd siet. Jaap is ek ferhúze en spilet no op kornet op 'e earste rige.

Op 23 maaie ha wy mei in behoarlike delegaasje nei it ôfstudearjen west fan ús dirigint Gijs Heusinkveld. Dit wie in prachtige jûne en ek fijn om dit ris in kear mei te meitsjen. Wy ha no in diplomearde dirigint. Dêr kin it dus allinnich mar better fan wurde. Gijs hat ús lokwinken krigen en fansels in presintsje fan 'e feriening.

Sneon 1 juny wie de 11-doarpshûzenfyftstocht en UDI wie frege oft we dêr ek efkes by spylje koene. Spitich genôch koene we net iens 5 leden byinoar krije om in pear ferskes te spyljen. Tsja, dan hâldt it op, dus moasten wy dat dizze kear foarby gean litte. Miskien folgjend jier better!

Mellina Leusink (2^e kornet) hat oanjûn te betankjen foar it korps, sy sil nammentlik ferhúzje nei Doetinchem. Mellina, spitich datsto der nei de fakânsje net mear by bist, wy sille dy tige misse! Wy winksje dy in protte lok en wille ta sa fier fan Fryslân ôf.

Wat stiet der noch op it programma? Snein 16 juny wille wy in Mitselwier in tsjerketsjinst begeliede, de moarns om 9.30 oere. Dêrnei jouwe wy in lyts kofjekonsert. Op tiisdeitejûn 18 juny spylje wy yn 'e Skûle yn Mitselwier. Dêr geane wy eins elts jier in kear hinne te spyljen en it wurdt troch de bewenners tige wurdearre. Ek wy meie dêr graach in pear stikjes spylje.

De wike dêrnei, op tiisdeitejûn 25 juny ha wy gjin repetysje, mar sille wy de wein foar it doarpsfeest fersiere. En dan komt it doarpsfeest sels. Tongersdeitejûns geane wy tegearre mei de ús drumband om 'e buorren. Freedtemoarns dogge wy dan mei yn 'e optocht fan fersierde weinen en ek sneontejûns binne wy derby as we nochris mei de wein om 'e buorren geane. Wy hoopje mei syn allen op in gesellich doarpsfeest en as it heal kin in bytsje waarmer as de ôfrûne tiid.

De tiisdeitejûn nei it doarpsfeest ha wy ús ôfslúter fan it seisoen. Wy sille dan te kanofaren. Dat ha wy alris earder dien en doe ha wy in protte wille hân.

Nei de simmerfakânsje komme wy dizze kear net mei blomkes. Wy woene wolris wat oars prebearje. Wy sille sútjelje mei lekker koeken!

Fierder sil it âld papier nei de fakânsje noch mar ien kear yn 'e moanne by de kontener brocht wurde kinne. Dit omdat wy om 'e 14 dagen net genôch kilo's ha oan âld papier en dan wurdt de lak djoerder as de brief. De kontener fan 31 augustus ferfalt en dernei kin it papier brocht wurde op de earste sneon fan de moanne. (de data steane op de aginda efter yn de skille)

Wy winskje in elts in gesellich doarpsfeest en in noflikke simmerfakânsje.

MF

Jeugdorkest “De Brassbengels” 3^{de} prijs op Schiermonnikoog!

Zaterdag 1 juni was het eindelijk zo ver, het concours op Schiermonnikoog.

De samengestelde jeugdorkest 'de Brassbengels' met leden uit Ternaard en Oosternijkerk vertrokken om 6.30 uur met de boot naar het eiland.

Maanden hebben ze er naartoe geleefd en nu moest het gebeuren, het eerste echte concours voor de band zou een feit gaan worden. Na aankomst op het eiland werden we gebracht naar de ruimte waar ingespeeld kon worden, 10.00 uur was het de beurt aan de Brassbengels om de sterren van de hemel te gaan spelen en dat hebben ze gedaan!

Het stuk 'Free World Fantasy' van Jacob de Haan werd, onder leiding van Gatse Hylkema, geweldig uitgevoerd en vanuit de zaal kwam dan ook een terecht applaus.

De verdere dag was vrij te besteden, fietsen, wandelen, drinken, eten, hoewel het weer niet echt meezat, mocht dat de



pret niet drukken, iedereen heeft Om 17.45 uur was het moment dat

een mooie middag beleefd. de uitslagen bekend gemaakt werden.

De Brassbengels zaten vol spanning in de kerk en kregen te horen dat zij met 86 punten de 3^{de} plaats veroverd hadden in de 5^{de} divisie, in deze divisie deden 15 korpsen mee, een geweldige prestatie!! Een ware trofee ging mee naar de vaste wal!


Zingend en juichend vertrok de hele groep weer richting de boot.

We kunnen met zijn allen terug kijken op een top dag met een prachtig resultaat waar de leden trots op kunnen zijn!

Kijk voor de volledige uitslag en foto's op: www.omfryslan.nl/uitslagen



De jeugd en dirigent Gatse Hylkema zijn door het dolle heen!



Protestantse gemeente Oosternijkerk

Kerkdiensten: 9.30 uur in 'de Bining, de Langgrousterwei.
Via de radio te ontvangen op 102.8 FM.
Scriba : F. Meinsma, Langgrousterwei 44, 0519-242208
e-mail : scriba-on@hotmail.com
Voorzitter : dhr. H. Solle, Langgrousterwei 15, 0519-241885
e-mail: jackys@knid.nl

Ouderlingen

Geachte lezers,

Hier een bericht van de PKN gemeente te Oosternijkerk en met name een stukje van en over de ouderlingen.

Ouderlingen worden net als alle andere leden van de kerkenraad gekozen door de gemeente middels een groslijst. Degenen met de meeste stemmen worden gevraagd om dit ambt te bekleden en meestal wordt zo weer de kerkenraad voltallig. Helaas lukt dit de laatste jaren niet in ons dorp, wat inhoud dat de beschikbare ouderlingen meer taken moeten vervullen. Deze taken bestaan o.a. uit bezoekwerk bij ouderen, verjaardagen en jubilea, gemeenteleden waar zorg of verdriet heerst etc.. Als u dit zo leest zult u denken wat hebben ze het druk maar er staat een hoop voldoening tegenover, waarbij tijdens vergaderingen en bijeenkomsten genoeg ruimte is voor hilariteit.

Omdat er op dit moment een wijk vacant is weten wij als ouderlingen niet altijd van ziekte, zorg of verdriet. Mocht u als inwoner van O-N iets weten van burens of dorpingen die een bezoekje of aandacht nodig hebben schroom dan niet om contact met de kerkenraad te zoeken middels de voorzitter. Hij seint dan een ouderling in.

Immers.....`gedeelde smart is halve smart`

Tot zover een kort bericht van een ouderling.

Verslag Koninginnedag 2013

Op 30 april was het dan zover, de laatste Koninginnedag én de inhuldiging van onze nieuwe koning Willem Alexander.

Voor vele inwoners van Oosternijkerk was dit een reden om er extra feestelijk bij te lopen tijdens de optocht en daardoor kleurde ruim voor negen uur de lucht boven het dorp al oranje. De andere reden om er zo mooi mogelijk uit te zien was dat er prijzen vielen te winnen voor de beste en mooiste uitdossingen. Een zware taak voor de jury die tijdens de rondgang door het dorp, met voorop de drumband en de muziekvereniging, dit moest beoordelen. Maar ondanks dat was het voor hen én alle andere toeschouwers een lust voor het oog om de feestelijke stoet aan hen voorbij te zien gaan.

Daarna kon men zich in dorps huis de Terp tegoed doen aan een bakje koffie met oranjekoek of een oranjebitter en voor de jeugd was er een speciale oranjetraktatie. Tevens werden de drie prijswinnaars van de optocht bekend gemaakt, en als prijs kregen ze een enveloppe met inhoud.

Buiten konden de kinderen in diverse leeftijdscategorieën zich vermaken op de klimlijbaan of het ballenbad. Ook de echte Oranjefans hoefden niet naar huis of thuis te blijven om de gebeurtenissen in Amsterdam op de voet te volgen, want in de Terp was er de mogelijkheid om de inhuldiging live te volgen op een speciaal geplaatst groot scherm.



Menigeen maakte daar dan ook gebruik van en er werd zo hier en daar soms stiekem een traantje weggepinkt bij het zien van de indrukwekkende en historische beelden.

Om vier uur was het tijd voor actie en kon er men een nat pak gaan halen bij het tobbedansen. Doordat de temperatuur wat te wensen overliet, was het alleen de jongere jeugd die zich opgaf om mee te doen. De wat oudere jeugd zat al gezellig op het terras van de Terp, voor het scherm of stond de deelnemers van het tobbedansen aan te moedigen. Per twee deelnemers moest men in een bootje zo snel mogelijk vanaf een glijbaan naar beneden zien te komen, waar een bel boven het waterbassin hing. Degene die het eerste de bel luidde was de winnaar van de twee.

Na een afvalrace van deelnemers tegen elkaar leverde dit waterspektakel uiteindelijk twee winnaars op die een snackbon voor de Terp kregen. Daarna konden de verkleumde deelnemers snel naar huis om een warme douche te nemen!

In en rondom dorps huis de Terp werd er nog van menig drankje en later ook hapje genoten en werd er nog gezellig nagepraat over de gebeurtenissen hier in Oosternijkerk en die van de inhuldiging in Amsterdam. En het zal waarschijnlijk wel even moeten wennen, maar volgend jaar vieren we Koningsdag op 27 april !!

Uitslag oranjeoptocht:

1e prijs; Remco Eelkema en Rieneke van der Heide.

2e prijs; Iverne van der Velde.


3e prijs; Ilse Reitsma.

Uitslag tobbedansen:


1e prijs; Douwe Pieter Kuiper.

2e prijs; Rutger Torensma.

Janneke Themmen
Dorpsbelang



In foto út it argyf - 27



Deze foto is al eens eerder gepubliceerd en wel in 1979 in “Een geschiedenis van Oosternijkerk”, bl. 197. Dat is eigenlijk niet de bedoeling van deze rubriek; slechts nog niet ergens eerder gepubliceerde foto’s krijgen een plaatsje in deze galerij. Toch maak ik deze keer een uitzondering. Ten eerste omdat niet iedereen dat boekje in huis zal hebben en ten tweede omdat ik kort geleden een prachtige aanvulling op deze foto kreeg.

Maar eerst over de foto uit 1933 zelf. Het is de oude smederij van Sieger Rozendal aan de Buorren (nummer 35). Sinds 1908 was er een fietsenmakerij gevestigd in het linker huis, waarna in 1925 de smederij rechts werd aangebouwd. De personen op de foto zijn van links naar rechts: Jan Postma, timmerman Thomas de Wilde, Livius Woude uit Ee, schilder Rense Cuperus, Hendrik Heeringa, Christiaan de Wilde en Martha Rozendal (vooraan), Wiltje Rozendal, zoon van de smid, en Sieger Rozendal, de smid zelf.

Wiltje Rozendal, in later jaren getooid met een prachtige bos grijs-wit haar, was lange jaren smid en fietsenmaker in dit pand. In de smederij stond een kachel en ’s winters was dat natuurlijk een prachtig plekje voor de oudere Oosternijkerkers om bijeen te komen en allerlei (sterke) verhalen op te halen: De smederij werd hoe langer hoe meer gebruikt als een ouderensoos; er zal vast wel een bankje gestaan hebben!

In 1974 nam zoon Sieger Rozendal de zaak over van zijn vader die daarna aan de Buorfinne ging wonen. Sieger dacht toch iets anders over de ouderen-soos en plaatste de volgende advertentie in de Dokkumer Courant:

Vanaf maandag 28 oktober
is onze werkplaats
ALS SOOS GESLOTEN
Rijwiel- en bromfietshandel
Fa. ROZENDAL - NIJKERK O.D.

(Foto beschikbaar gesteld door Willem de Wilde, advertentie komt uit de nalatenschap van Jan ‘e Pytsje: Pietje Weidenaar-Postma)

Ook een geschikte foto voor deze rubriek? 0519-241593

RT

US ANNA-MUOI

Anna-muoi wie in dochter fan Doede Rijpstra, de heit fan myn pake: Durk Doedes Rijpstra. Doede Rijpstra en syn dochter Anna wennen tegearre. Anna-muoi har mem, Doede syn twadde frou, wie al stoarn. Se wennen yn, lykas wy it no neame, de Foeke Sjoerdsstrjitte (doe seine de minsken meast: op 'e terp) yn it hûs nûmer 13, dêr't Jelle en Anneke de Jong wennen ha. Doede wie, lykas de measte mânlju, boerearbeider mar dan wol los arbeider. Fierder die hy yn fodden, mollefeltjes en ferkocht er bonken fan fee.

Anna-muoi waard troch de minsken ek wolris Anna Pipertsje neamd. Hoe't soks kommen is, wit ik net, mar ik wit wol dat se frijwat in frjemd lûd hie: in eigenaardich lûd. Hja wie sels ek wat eigenaardich. Hja hie oan hûs in winkeltsje en hja sutele ek by de doarren lâns. Dat die se mei in âld bernewein, der hie se har hannel yn. As hja dan bygelyks nei Bollingwier ta rûn, hong se de wask oan de bernewein te droegjen yn de wyn.

Har gesicht wie ek net al te bêst en dêr hat de jeugd fan Nijtsjerk wolris misbrûk fan makke. Jacob Tseards Kingma hat my wolris ferteld hoe't soks yn syn wurk gong. As de jonges nei it winkeltsje fan Anna-muoi ta



gongen, hiene se yn't foar in healtsje (=in heale sint dy't der doe noch wie, hast like grut as in dûbeltsje=10 sinten) omwikkele mei silverpapier, dan like it krekt as **wie** it in dûbeltsje. Troch har minne gesicht murk se it net en kocht de jeugd **mei in healtsje** snobbersguod **foar 10 sint**. Letter sil se de jeugd wol better yn de gaten hâlden ha.

Nei it ferstjerren fan har heit is se húshaldster wurden yn Rinsumageast. Har husrie is by ús pake en beppe op de souder kaam foar it gefal dat se it wer brûke moast, mar it hat der jierren om neat lein. Nei har ferstjerren is it ris oprûme.

De stoel en it fuottebankje fan Anna Rijpstra (Anne Pipertsje)

Fan de souder kaam in âld fjurren-houten kammenet. In famyljelid woe it wol ha, mar it wie suterich en moast nedich opknapt wurde. Earst kaam der hjir en dêr wat nij hout op en doe hat Jelle Walda it ferve. Earst yn in brune kleur en doe't de ferve noch wiet wie, gong hy der mei in spesjale kaam troch hinne, dan like it krekt as seachst de nerven fan it hout. Ek kamen der stuollen fan de souder; ien dêrfan stiet by ús yn de hal mar wy doare der net op sitten te gean. Wy ha him oerklaaije litten.

Ien kear yn't jier, sa stiet my by, kaam se mei moai waar op de fyts nei Nijtsjerk nei ús pake en beppe. Ik hie eins wat in hekel oan har, se die sa oerdreaun. As ik dêr kaam, rôp se hiel lûd fan "Och dêr hast Geart, myn lytse leave jonge, myn goudsjeblom."

It heucht my ek dat se meastentiids strinkjebeien by har hie; dy wiene foar ús ornearre, soks makke in protte goed.

Letter is se noch húshaldster yn Ljouwert wurden en doe't se minder waard, is se yn it ferpleechtehûs yn Dokkum telâne kaam.

Nei har ferstjerren krigen de grifformearde tsjerke en de skoalle yn ús doarp berjocht fan notaris dat Anna-muoi oan beide ynstellings jild neilitten hie. Skoalle en tsjerke hiene in waarm plakje yn it hert fan Anna-muoi om't se op dyselde skoalle sitten hie en jierrenlang by de tsjerke heard hie. It is ek wol bysûnder dat Anna-muoi ien fan de earsten wie dy't yn de nije grifformearde tsjerke doopt is. Der wiene doe trije berntsjes dy't **deselde sneins** (16 novimber 1890) doopt waarden dat



de krekt boude tsjerke yn gebrûk nommen waard: Trijntje Rijpstra, Antje Rijpstra en Saakje Torensma. It fuottebankje dat se yn de tsjerke brûkte, stiet by ús yn de hûs mei in blom der op; der stiet noch altiten mei wite letters A-R op: Anna Rijpstra.

De út de erfenis fan Anna Rijpstra oanskafte nachtmistelstafel en it restaurearre bibelboek

Fan it jild dat de skoalle krige, is in nije rekkenmetoade (De Wereld in Getallen, earste ferzje) oanskaft, se sil der bêst bliid mei west ha. De tsjerke hat dat jild ek net yn de grutte pot dien, mar dêr is de Nachtmieltafel fan kocht dy't noch altiten foar yn de tjerke stiet. De moaie Bibel dy't op de tafel leit is ek noch restaurearre fan it jild dat Anne-muoi de tsjerke neilitten hat.

By it sjen fan dy tafel moat ik gauris oan ús Anna-muoi tinke: ik hoopje dat in protte Nijtsjerksters dy't dit ferhaal fan Anna-muoi lêze, soks ek nochris dogge.

Geart Cuperus

Oars Aktief

Al jaren was er in het winterseizoen eens per maand een gezellige middag voor de ouderen in dorpshuis "De Terp".

Dit werd de laatste jaren steeds georganiseerd door dhr. A.Brouwer.

Toen dhr. Brouwer aangaf hier mee te willen stoppen, hebben wij besloten om ermee door te gaan.

Het zou voor veel ouderen jammer zijn dat dit verloren zou gaan. We zijn in gesprek gegaan met mevr. Hes van het welzijn ouderenwerk in Dongeradeel. De spelmiddagen blijven, maar we willen ook graag eens iets anders op deze middagen organiseren.

Ook willen we alle 65-plussers persoonlijk benaderen/ uitnodigen per brief om zo een wat grotere groep te kunnen verwelkomen.

De eerste bijeenkomst zal op 10 oktober zijn, waarbij er een spreker(s) zal zijn die het een en ander zal uitleggen over de veranderingen in het PGB en WMO. Onderwerpen die erg actueel zijn op dit moment. Na de zomervakantie hoort u meer van ons.

Suggesties over de invulling van de middagen zijn van harte welkom.

We hopen op een goed seizoen "Oars Aktief" met elkaar.

Groeten van Hilda Dijkstra en Grietje Kuiper.

Paaseieren verven

Woensdagmiddag 27 maart waren er enkele ramen van de Foeke Sjoerds Skoalle behoorlijk beslagen. Wat was namelijk het geval? Enkele juryleden waren aan het beoordelen welk paasei de titel “Mooist beschilderde ei per groep” verdiende. En dat viel óók dit jaar weer niet mee!

Alle kinderen hadden namelijk zó hun best gedaan om het zelf meegenomen ei zo mooi en origineel mogelijk te verven dat de jury vond dat elk wel een prijs verdiende. Maar helaas was dat niet mogelijk, dus moest er toch echt een keuze worden gemaakt.

Uiteindelijk werden er prijswinnaars uitgekozen en bekend gemaakt en kregen zij als beloning een waardebon, die verzilverd kon worden bij Piet en Saakje de Boer, waar men ook alle versierde eieren in de etalage nog een tijdje kon bewonderen.

Alle prijswinnaars van harte gefeliciteerd en hier volgt de uitslag;

Groep 1;	Femke Meinsma.
Groep 2;	Mendy Cuperus.
Groep 3;	Hester Torensma.
Groep 4;	Nienke Eelkema.
Groep 5;	Femke Miedema.
Groep 6;	Rutger Torensma.
Groep 7;	Yda de Graaf.
Groep 8;	Alina Dam.



Janneke Themmen
Dorpsbelang.

De tas fan Beitske

Einlings is it safier, it wurdt moai waar. We kinne wer nei bûten sûnder te ferklûmjien, de tûn kin ynoarder en we kin wer ris in dei fuort, mochtest dêr sin oan ha. No kin dat altyd wol fansels, mar ast in protte bûten bist sa'n dei sil it waar d'r dochs wat op lykje moatte. Och hearken, wat wie dat altyd moai, in dei fuort. Tink mar oan de skoallereiskes. Spannend. Ek fan hûs út gienen we elts jier in dei fuort. Geweldich wie dat. De dei koe net fluch genôch begjinne. En dat stiet my dan ek noch it bêste by, hoe lang it wol net duorre foardat we fuort giene. Gjin idea fansels hokker drokte ús âlders hiene om fuort te kommen, d'r moast fan alles mei. Dêr bin ik letter sels noch wol achter kaam. Iten en drinken, handoeken, swimbrokeken, sinnebrânolje; wat lytser de bern, wat mear d'r mei moast. As se wat grutter wurde kin se sels harren guod by elkoar fandelje en meinimme. Mar dan noch hiest faak in protte drokte foardatst yn de auto siest. It iten en drinken bleaun dochs foar in grut part dyn ferantwurdlikheid. Op myn manier makke ik my dêr wol drok om, mar it wie allegear mar gewoan wat d'r mei gie. Wat kofje, pakjes drinken foar de bern, broadsjes, in koekje en noch wat snobbersguod. Foardatst d'r erch yn hiest wie de tas al wer swier. Dus dat koe ek net te mâl, sjoudest d'r in hiele dei mei om en dêr wie ek fêst wol wat te keap. D'r kamen dan ek net in protte ferrassings út dy tas sa'n dei, dat foel miskien wol ris wat ôf. Nee, dan Beitske, dêr't we letter wol ris in dei mei op stap wiene, dy hie hiel wat mear mei. Ja, har koest wol mei ha sa'n dei. D'r kaam altyd fan alles út har tas. Dat begaan al mei de kofje: sels hiest in koekje meinaam en moai genôch foar eigen, mar Beitske hie foar elts in koekje, koest kieze en se wiene krekt wat lekkerder. Hiest de kofjemolke as de sûker fergetten, gjin soarch, Beitske hie it wol meinaam en se hie noch genôch oer. Bekers en leppeltsjes hie se fansels ek ekstra mei. In oerke letter traktearre se elts op in sûkelaadsje (hè lekker even) en noch wer in oerke letter frege se of we ek sin hienen oan in stikje woarst ..., of tsiis, dat koe ek, en wrachtich, dêr hiest dan krekt sin oan. Sels hiest d'r net in tel by stilstien om soks mei te nimmen, mar Beitske hie it yn har tas en it smakke bêst. By it broadsje iten wie it wer krekt gelyk. Wy hiene gewoan tsiis of ham tusken de broadsjes, Beitske ek wol, mar dêr siet ek fêst noch wat slaad op of komkommer of oars wat en it seach d'r noch lekker en fris út ek. Ast d'r wat fan seidest, sei se steefêst: wolst ek ien ha, ik ha genôch hear. Hoe soe it ek oars. Wat letter op 'e middei as ús tas al folle lichter en dus fierhinne leech wie, helle Beitske noch mear ferrassings út har

tas. In nûtsje bygelyks, in pear soarten sjips en miskien ek noch wol apenuten. It bedarre meastentiids wol yn ien of oare mage, mar hiest dêr gjin sin oan, dan koest ek wol in apel krije of in banaan. Of drufen. Moat ik noch sizze dat se in meske mei hie foar it skylen. Net alles kaam op fansels, mar se woe it ek net wer mei nei hûs nimme, dus op't lêst kaam alles op tafel en dan dielde se út. Soms fûn se ûnder yn de tas ek noch wol ris seane aaien, no dêr wie dan ek wol in ôfnimmer foar, it sâlt waard d'r fansels by levere. Ik ha my d'r altyd wer oer fernuvere wat d'r út har tas wei kaam. It wie faak ferrassend. Sa'n tas moat ek sa swier as lead west ha, mar dêr ha ik har nea oer heart, koest ek net sjen dat der ekstra fol wie. In bysûndere tas.

